

Oan de leden fan Provinsjale Steaten fan Fryslân

Ljouwert, 14 septimber 2020

Achte Steateleden,

Yn in brief oan jim as Steateleden d.d. 9 desimber 2019 spruts De Ried fan de Fryske Beweging syn soargen út oer de takomst fan de Fryske Akademy. Wy einigen dy brief destiids mei de sin:

Wy winskje jimme in soad wiisheid ta en wy sprekke de winsk út dat de Fryske Akademy in robúst ynstitút bliuwe mei, de takomst treast. Nei ús betinken moat de Fryske Akademy it bonkerak bliuwe fan de Fryske Taal en Kultuer.

It seit himsels dat wy as Ried noch altyd efter dy winsk fan doe steane. Yn dat ramt diele wy de soargen fan it Feitsma Fûns oer de syktocht fan de Fryske Akademy nei in nije direkteur. Wy achtsje it fan grut belang dat de Akademy droegen wurdt troch de Fryske mienskip en sadwaande de ferbining sykje moat tusken de wittenskip en de Fryske maatskippij. Dy ferbining wie der earder yn de ûnderskate wurkgroepen fan de Akademy dêr't minsken út de mienskip en wittenskippers elkoar fûnen en elkoar fersterken.

Wy stypje it inisjatyf fan it Feitsma Fûns fan herte om middels in petysje oan kommissaris Brok omtinken te freegjen foar dit ûnderwerp, no't de Akademy foar de fakatuere fan direkteur sels kandidaten siket oer de lânsgrinzen hinne. We hoopje dat jim as Steaten, mei kommissaris Brok, jim ynfloed brûke wolle om te soargjen dat de Akademy in nije direkteur krijt mei in soad kwaliteiten op wittenskiplik en bestjoerlik mêd, mar ek mei kennis fan de Fryske maatskippij en hert foar de Fryske taal en kultuer.

Ut namme fan it bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging,

Pier Bergsma, foarsitter
Nynke Beetstra, skriuwer

CC: Deputearre Steaten fan Fryslân
Fryske Akademy
Dingtiid
Feitsma Fûns
De leden fan de Politike Kommisje fan de Ried fan de Fryske Beweging.